

**SKRIFTLIKE FRAGEN, ex artikel 41 Reglement van Orde**

Rjochte oan DS / lid DS	Schrier  <b>'Molenwieken draaien niet circulair'</b>
Ynljedende taljochting (fakultatyf)	De LC fan 11 maaie 2018 berjochtet yn twa grutte artikels wiidweidich oer it grutte ôffalprobleem dat ûnstiet by it ôfdanken fan molewjukken fan keunststof komposyt materiaal. Der wurdt sa't it liket ek yn ús provinsje yllegaal shreddere komposyt en wjukken stoarten. Ut de reaksje fan it haad Tafersjoch en Hanthavening fan de FUMO docht bliken dat der noch ûnfoldwaande sicht is op de earnest, de omfang en de gefolgen foar it miljeu. De konklúzje fan de krante liket terjochte: <i>'Molenwieken draaien niet circulair'</i> .
Fraach / fragen	<ol style="list-style-type: none"> <li>1. Is it kolleezje folslein en foldwaande op'e hichte fan de problematyk fan it komposyt ôffal fan molewjukken? Wêrút docht dit bliken?</li> <li>2. Kloppet it dat komposyt fan molewjukken in kategory ôffal is dêr't spesjale regels foar jilde? Hokker regels binne dat?</li> <li>3. Kloppet it wat ien fan de direkteuren fan in recycling bedriuw yn de LC seit, dat de Provinsje ferantwurdlik is foar it tafersjoch hjirop?</li> <li>4. Kloppet it dat de recycling bedriuwen in meldingsplicht hawwe as der komposyt materialen oanbean wurde, en dat hjir net oan foldien wurdt?</li> <li>5. Kinne jo oanjaan hoe grut oft it miljeuprobleem is, no en yn de takomst?</li> <li>6. Is it kolleezje mei ús iens dat wjukken fan wynturbines fanút ús belied om folslein sirkulêr wurkje te wollen, allinnich noch fan materiaal makke wurde moat dat oantoanber folslein op'e nij te brûken is by it ôfbrekken fan de turbines? Sa ja, watfoar aksjes sille jo dêr op ûndernimme? Kinne jo oanjaan wat de gefolgen binne, as der bygelyks</li> </ol>

	<p>allinnich noch mei goed werbrûkber materiaal lykas fleantúchaluminium boud wurde mei?</p> <p>7. Kinne jo oanjaan wat de folsleine sirkulêre balâns is fan komposyt materiaal oer de hiele libbenssyklus kwa produksje, enerzjyferbrûk dêrby, de produktive fase en de ôfbraak fan turbines, fergelike mei oare gaadlike materialen?</p> <p>8. Troch PS binne betingsten steld oan nij te pleatsen turbines yn de Iselmar en by Nij Hiddum Houw om by de fabrikaazje gjin neodmium te brûken. Fierder is ôfbraak nei 20 jier draaien in betingst wurden. Hawwe jo yn dit ferbân ek mei de inisjatyfnimmers praat of ôfspraken makke oer in ferantwurde ferwurking fan de restmaterialen nei ôfdanken?</p> <p>9. Sa nee, wolle jo dan sokke ôfspraken meitsje foar de wynparken dêr't de provinsje sels by belutsen is?</p> <p>10. Achtsje jo it needsaaklik dat de provinsje syn mileubelied oanskerpet en yntensivearret oangeande stoart en ferwurking fan komposyt, glêsfazel en keunsthars materialen? Of moat soks lannelik oppakt wurde?</p> <p>11. Achtsje jo it mei ús needsaaklik dat it besteande Tafersjoch en Hanthavening troch de FUMO op dit mêd oanskerpe wurde moat?</p> <p>12. Binne jo it – op basis fan de kwealike teneur dy't yn de LC artikels nei foaren komt - mei ús iens dat allinnich al fanút miljeuperspektyf en relatearre oan de provinsjale doelen mei in sirkulêre ekonomy, de stelling <i>'molenwieken draaien niet circulair'</i> folslein terjochte is?</p>
--	--

Yntsjinner(s)	(fraksje / namme / hântekening) Wopke Veenstra
---------------	---

Datum	11 maaie 2018
-------	---------------